



‘Wy hawwe in oare fyzje op taalûnderwiis krigen. Wy wolle net mear fan boppe ôf oplizze. Wy wolle ferliede. It spegeljen fan de eintermen Frysk oan dy fan Nederlânsk wurket yn de praktyk beheinend. Wy wolle ek wol fjouwer lesueren Frysk yn ‘e wike, mar dat is net reëel; dêr hawwe wy mei te dealen. Besykje de eigenheid fan it Frysk in plak te jaan, en it net as in kopy fan it Nederlânsk te sjen. Dat is in oanpak dy’t ik alle learlingen gun; dat meist bêst myn misje neame.’

Oan it wurd is Gerrit Hoekstra, fakekspert yn de fakfer-nijingskommisje, dy’t de eksamenprogramma’s foar it fak Frysk yn de boppebou aktualisearret. Hoekstra is sûnt 2021 mei pensjoen as dosint Frysk en learmiddelûntwik-kelder by it Lektoraat Meartaligens en Geletterdheid fan Hegeskoalle NHL Stenden, mar is noch altyd like befein as it om it Frysk yn it ûnderwiis giet.

Per fak of kluster fan fakken is der sa’n fakfer-nijingskom-misje gearstald, besteande út dosinten en fak- en kurriku-lumeksperts, dy’t yn twa jier tiid aktuele en gearhingjende konsepteksamenprogramma’s útwurket. Yn dat ramt aktu-alisearret de fakfer-nijingskommisje Fryske taal en kultuer de eksamenprogramma’s foar de boppebou fan it fuortset ûnderwiis, foar vmbo bb, vmbo kb, vmbo gl/tl, havo en vwo. Tongersdei 27 juny is de slotdei fan de komisje. Yn de simmer wurde de konsepteksamenprogramma’s Fryske taal en kultuer oplevere. Dy besteane út in karakteristyk fan it fak, in ramtwurk mei domeinen en subdomeinen en in folsleine set konsepteiintermen. Dy eintermen wurde tawiisd oan it sintraal eksamen (vmbo gl/tl, havo en vwo), of it skoaleksamen (vmbo bb en vmbo kb). Der wurdt in ferantwurdzjende taljochting by levere. Yn tsjinstelling ta vmbo gl/tl, havo en vwo wurdt it eksamenprogramma Frysk yn it gefal fan de learwegen vmbo bb en vmbo kb dus hielendal ôfsletten mei it skoaleksamen.

De fakfer-nijingskommisje makket gebrûk fan spesjalistyske ekspertize, oanlevere troch in advysrûnte, dy’t bestiet út fertsjintwurdigers fan organisaasjes, ynstellings en netwurken dy’t relevant binne foar it fak, yn dit gefal ûn-derwiisbegeliedingstsjinst Cedin, it lektoraat Meartaligens en Geletterdheid fan NHL Stenden, de learare-opliedings Frysk, de Fryske Akademy, de Afûk en de fakseksje Frysk fan de Vereniging voor Levende Talen (VLLT).

De leden fan de advysrûnte jouwe feedback op de tus-kenprodukten fan de komisje en helje input op by har efterban. Fertsjinwurdigers fan it Kolleezje foar Toetsing en Eksamens en Cito reagearje ek op de tuskenprodukten. Boppedat prate kommisjeleden geregeldwei mei eksperts op dielmêden, bygelyks oer trochstreammooglikheden yn de eksamenprogramma’s. Wichtich binne ek de kontakten mei boppeboulearlingen Frysk oer har ûnderfinings en winsken.



GERRIT HOEKSTRA
Lid fakfer-nijingskommisje,
fakekspert



ANS WALLINGA
Lid fakfer-nijingskommisje,
dosint Frysk op it Drachtster
Lyseum



BABS GEZELLE MEERBURG
Lid advysrûnte Fryske taal en kultuer,
learare-oplieder Frysk by hegeskoalle
NHL Stenden

Taalattitude

Wat makket it Frysk oars as oare taalfakken? Ans Wallin-ga, dosint Frysk op it Drachtster Lyseum fan OSG Singel-land en ek lid fan de fakfer-nijingskommisje: ‘De namme fan it fak, Fryske taal en kultuer, ferûnderstelt dat jo ek oer de Fryske kultuer leare. Dat is ek echt sa. En it is fansels mar in lyts taalgebiet; de posysje en de status fan de taal is hiel oars as dy fan it Nederlânsk of it Ingelsk. It talige aanbod fan de learlingen is oars, de kontekst is oars, want it Frysk is net oeral like sichtber.



Lêst bygelyks gjin Frysk op in bysluter fan in medisyn. Soks beskriuwe wy yn de karakteristyk fan it fak.' Gerrit: 'It is it iennichste fak dat mei in minderheidstaalstatus funksjonearret, al hielendal as it giet om de hâlding foar dy taal oer. Foar de iene learling is it in moderne frjemde taal, en foar de oare is it de memmetaal. De posysje fan it Frysk is oars, en dêrom sa unyk. Foar it fak Frysk kinst as learling op ûndersyk út yn dyn eigen omjouwing. It is unyk, en tagelyk leit it om 'e hoeke, de terpen, de toanielferienings, dy't allegearre Frysktalige stikken opfiere, de Frysktalige plak- en strjitnammen. Wy meitsje ek oare ôfwagings. Omdat de ûnderwiistiid yn it Frysk beheind is, is it wichtich om goede ferbinings mei oare fakken te lizzen, om fakoerstiigjend wurkje te kinnen. Wat dat oanbelanget kin it fak echt in foaroprinner wêze yn it fuortset ûnderwiis. Ik tink dat it nije eksamenprogramma Frysk foar de rest fan it fuortset ûnderwiis behoarlik fernijend is. Taal- en kultuerbelibbing sit no aanst ek folle mear yn it eksamenprogram as earder it gefal wie. As jo jo omjouwing better kenne, foarmje jo in kontekst, dêr't jo oare talige en kulturele uterings ek better yn pleatse kinne. Wy libje yn in meartalige situaasje. Dan haw ik it net allinne oer it Frysk, mar ek oer it Arabysk bygelyks. Wy binne opgroeid mei de gedachte dat in lân ien taal hat, en dêr wurdt dan status oan takend. Dat blykt dus net sa te wêzen. Dêrom fyn ik it wichtich dat wy by it fak Frysk wurkje oan de taalattitude fan learlingen. Net allinne as it giet om har attitude foar it Frysk oer, mar ek as it giet om oare minderheidstalen. Sa jouwe wy ek omtinken oan it boargerskipselemint.'

“Taal- en kultuerbelibbing sit no aanst ek folle mear yn it eksamenprogram as earder it gefal wie.”

Gearhing

De fernijde eintermen moatte it spoarboekje wêze foar dosinten, seit Ans: 'Wy krije in hiel nij fak. Wy moasten ûnder oaren rekken hâlde mei de basisfeardichheden, lykas digitale geletterdheid, en boargerskip. De nije eintermen meitsje it aanst mooglik om de ynhâlden fan ferskillende domeinen folle mear mei elkoar te kombinearjen. Kinst tagelyk mei taalfeardigens, skriuwfeardigens en kultuer dwaande wêze, yn gearhing mei elkoar.' Babs Gezelle Meerburg, learare-oplieder Frysk by hegeskoalle NHL Stenden en lid fan de advysrûnte Fryske taal en kultuer út namme fan de VLLT follet oan: 'De hjoeddeistige eintermen Frysk stimulearje om op dielfeardichheden te toetsen. Dat wolle wy net mear. Wy wolle de rykdom fan it Frysk sjen litte!' Ans: 'No is it sintraal eksamen foar havo en vwo in tekst mei fragen. Dat fine wy te meager; dêr wolle wy mear mei.' Fakekspert Gerrit konstatareart dat oarspronklik Frysktalige teksten boppedat stadichoan minder beskikber binne: 'In eksamenkandidaat wurdt no benammen ôfreckene op lêsefeardigens, troch mei teksten te wurkjen dy't faak net as oarspronklik Frysktalich artikel skreaun en publisearre binne.' Babs resolút: In tekst mei fragen, dat wolle wy der sawysa út, wy wolle mear it hiele fak befreegje, net allinne de taal, mar ek de kultuer. Wy wolle mear tematysk wurkje, mei tema's, lykas it Waad, of greidefûgels. Under sa'n tema kinst alle ûnderdielen beflappe dêr'tst sawol ûnderwiis as toetsing op ûntwerpst.'

Feardichheden útwikselje

Wêr moat it fak Frysk dan wol foar opliede? Gerrit: 'Praat-ûnderwiis is by it fak Frysk ek hiel wichtich. Wat dogge wy it meast yn it Frysk? Mei elkoar prate. Boppedat: Nederlânsktalige bern leare net Frysk te praten troch de taal allinne te lêzen. Der moat in goede balâns wêze tusken dy feardichheden. In soad learlingen dy't no op it vmbo en de havo sitte, bliuwe yn Fryslân wenjen. En yn Fryslân hawwe wy ferlet fan minsken dy't kwalitatyf goed Frysk prate kinne. By Omrop Fryslân hawwe se sjoernalisten nedich dy't in goede Frysktalige rapportaasje meitsje kinne. En as jo hjir bygelyks as assistint by de bistedokter oan it wurk reitsje, is in meartalich arsenaal in pree.' Wat betsjut soks foar it ûnderwiis yn it Frysk? Gerrit: 'Jo leare in taal troch dy te brûken, en jo brûke in taal as jo dy goed leare. It taaloanbod moat yn gearhing wêze mei de feardichheden dy't jo bybringe wolle, mar ek mei oare fakken. Der binne universele feardichheden dy't jo ûnderling útwikselje kinne. By it Frysk leit it bygelyks hiel bot foar de hân om de ferbining mei skiednis te lizzen.'

Hoe wie de Gouden luw yn Fryslân? Kinst tinke oan in Frysktalige tekst of dokumintêre oer slavernij. Spoaren fan VOC-aktiviteiten kinst ek yn Fryslân weromfine en dus opsykje. Mar sjoch ek nei ferbannen tusken de taalfakken. Jo kinne foarkomme dat learlingen sizze: 'O nee, net alwer de Renêssânse!', as jo krekt oan Gysbert Japicx ta binne. Teminsten, as jo mei elkoar ôfpraat hawwe dat sa'n tiidrek bygelyks al by Nederlânsk behannele wurdt.'

Skûtsjesilen

Wat is der dan sa oars oan de nije eintermen? Ans: 'Wy hawwe dêr earst de learlingen oer befrege. Wêrom hawwe se Frysk keazen? En wat soene se oars wolle? Wy hawwe in soad input frege, en besykje dêr ús wei yn te finen.' Babs: 'Wolst dat it droegen wurdt, krekt ek troch de learlingen.' Gerrit: 'By it profylwurkstik kieze learlingen faak in kultureel ûnderwerp. Dat soene se ek graach yn it ramt fan in fak dwaan wolle. In skriuwopdracht yn it ramt fan de eintermen Frysk sjogge se ek wol sitten.' Ans: 'Dêrom komme der foar vmbo gl/tl, havo en vwo neist de standertdomeinen A (taalleare en -brûke), B (taalbewustwêzen) en C (kultuerbewustwêzen) noch trije kardomeinen: D (skriuwferdjipping), foar learlingen dy't skriuwfeardigens better yn 'e macht krije wolle, E (taalûndersyk), foar learlingen dy't ûndersyk dwaan wolle nei taalkundige fenomenen en gebrûken, lykas taalfariaasje, of meartalige identiteitsúntwikkeling en F (kultuerûndersyk), foar learlingen dy't bygelyks ûndersykje wolle hoe't de tradysje fan iepenloftteäter yn Fryslân ûntstien is.' Gerrit: 'It is moai dat jo as learling wat kieze kinne dat jo leuk fine, dat jo hobby is, lykas toaniel, of skûtsjesilen. Dat motivearret. De kardomeinen binne foar it Frysk echt wat nijs. Nederlânsk docht it net, de moderne frjemde talen ek net. Frysk en de Klassike Talen binne dêr unyk yn.' Nij is ek dat der no eksamenprogramma's Frysk foar vmbo bb/kb úntwikkele wurde, fertelt Gerrit, al is der by dizze eksamenprogramma's gjin sprake fan kardomeinen en in sintraal eksamen.'



Troch!

Hoe sit it mei de trochgeande learline? Babs: 'Der binne ek krekt nije keardoelen foar it fak Frysk. Dy wurkje ek mei domeinen en dy binne no ek folle mear formulearre op grûn fan gearhing. De nije eintermen slute dêr aanst moai op oan. No is it soms sa dat bern dy't bygelyks op in trijetalige basisskoalle sitten hawwe yn 'e brêgeklasse wer op 'e nij begjinne mei it fak Frysk. Dat wolle wy net mear. Wy binne by dizze nije eintermen útgien fan de ideale situaasje. Watst al op 'e basisskoalle hân hast, dochst yn it fuortset ûnderwiis net wer op 'e nij. Net yn 'e ûnderbou, en net yn 'e boppebou. Wy wolle net hieltyd wer op 'e nij begjinne, wy wolle troch!' Ans: 'Wy hawwe ek al mei minsken fan it mbo om tafel sitten. Dêr krijt it Frysk ek hieltyd mear posysje, en dêr wolle wy ek wer by oanslute. Ek dêrom is it moai dat der no eintermen komme foar vmbo kb en bb. En wy prate fansels ek mei it hbo.' Babs: 'As learare-oplieding Frysk moatte wy ús fansels ek wer ferhâlde ta dy nije keardoelen en eintermen, en ús kennisbases foar de learare-opliedingen Frysk fernije. Dêr sil de Pabû ek mei oan 'e slach.'

“De gearwurking mei de advysrûnte is hiel goed, mei ynachtnimming fan elkoars rol.”

Identiteit en ynfrastruktuer

Hoe fier binne jim no? Komt it op 'e tiid klear? Ans: 'De earste folsleine set fan konseptetermen leit der al. Dy binne oan de fjirde en lêste advysronde ta.' Hat de kommisje dêrby wat oan de feedback fan de advysrûnte? Ans: 'Jawis, dy jout hiel opbouwende krityk, dêr't wy echt fierder mei kinne. Sa hawwe wy it hân oer hoe't jo bepaalde terminology ynterpretearje kinne. It wurdt identiteit bygelyks, hiene wy yn in einterm opnaam. Dat fûn de advysrûnte net in goed idee. Want wat is "de" Fryske identiteit? Dy bestiet net. Dêrom hawwe wy der foar keazen om de ferwizing nei identiteit op te nimmen yn *te tinken falt oan*.' En hoe gie de advysrûnte om mei de advysfragen fan de kommisje? Babs: 'De kommisje kaam mei hiel spesifike fragen. Somtiden wol fiifentweintich per advysronde. Oer hokker kennis, kunde en feardichheden fan belang binne, oft der genôch sprake fan differinsjaasje is. As advysrûnte beleine wy dan in middei mei elkoar en praten wy der oer, om dêrnei mei elkoar ienriedich advys út te bringen. En as it net ienriedich wie, joegen wy dat ek oan. It is in advys, net in beoardieling.' En wat advisearret de advysrûnte de fakfernijingskommisje op haadlinen?



Wêr moatte se mei oan de slach? Babs: 'Der wurdt noch folop oan it konsepteksamenprogram wurke. Se binne op de goede wei. Petearfeardigens is wat ús oanbelanget noch wat ûnderbeljochte. En meartaligensdidaktyk, dat fine wy hiel wichtich.' Hoe hawwe jim as fakfernijingskommisje en advysrûnte de gearwurking mei elkoar ûnderfûn oant no ta? Ans: 'De gearwurking is hiel goed, mei ynachtnimming fan elkoars rol. It is in oersichtlik fjild; de measte minsken kenst. Kinst se maklik byprate, de lyntsjes binne koart, witst wa'tst hawwe moatst. Babs: 'It wrâldsje is lyts; de gemiddelde dosint Frysk wit ek wat der by de learare-oplieding spilet. Jo sitte oeral yn, mar jo witte ek oeral wat fan. Wy binne mei it fak Frysk in mienskip op himsels. By it Limboarchsk en it Nedersaksysk is der folle minder in ynfrastruktuer, dy hawwe wy wol. Dat moatte wy koesterje.'

Wat soene jim de kollega's yn it fjild meijaan wolle? Ans: 'Hast alle boppeboudosinten Frysk binne belutsen by it proses. Us advys? Bliuw op de hichte fan de ûntwikkelings, ek fan de didaktyske en pedagogyske útwurkings fan de eintermen! De provinsjale fakseksje Frysk, ûnderdiel fan de VLLT, hat dêr ek in hiele wichtige taak yn.' Babs: 'De skolestipers, de útjouwer fan lesmaterialen en de ynspeksje hawwe allegearre in taak by it ymplementearjen fan de nije konsepteksamenprogramma's yn de hjoeddeistige ûnderwiispraktyk.' Is it dan ienrjochtingsferkear? Ans: 'Nee! Wy hawwe ek ynbring en input nedich. Wy kinne tuskentiidsk bystelle. As it net goed wurket, wolle wy dat ek witte. It is *work in progress*. Elkenien kin der oer meiprater.' Elkenien dy't yn dizze faze noch meitinke wol, kin him trouwens melde by de leden fan de advysrûnte; de advysperiode rint noch oant 15 maaie 2024.

Tekst: Tsjerk Bottema

Fotografy: Barbra Verbij, Tresoar Haye Bijlstra, de Beeldredaktie



Meer informatie

Binne jo ynteressearre yn de lêste ûntwikkelings wat de nije eksamenprogramma's foar it fak Frysk oanbelanget? Meld jo dan oan foar updates op ús webplatoarm [Actualisatie examenprogramma's Friese taal en cultuur van SLO](#). Dan krije jo automatysk it lêste nijs oer de aktualisaasje fan de eksamenprogramma's yn jo mailbox.